

De brieven fan 4 Grouster jonges dy't te wurk steld binne yn Dútslân (1942-1943)

NB: Fotokopieën zijn in het bezit van het Historisch Centrum Leeuwarden

Wa binne yn Dútslân?	1943-04-12	
	1943-05-02	
Johannes Boorsma	1943-05-09	
Dunkelbergsgarten,	1943-05-16	
Naumburg Saale	1943-08-22	
14 brieven:	Henk de Jong	Bûtermakker
1942-07-12	Molkerei	
1942-07-19	Blumenstraszze 9,	
1942-08-16	Mayen Eifel	
1942-08-22		
1942-09-06	10 brieven:	
1942-09-26	1942-06-20	
1942-11-05	1942-06-26	
1942-12-05	1942-07-16	
1942-12-22	1942-08	
1943-01-16	1942-08-14	
1943-02-06	1943-01-09	
1943-02-21	1943-01-19	
1943-04-25	1943-02-07	
1943-07-04	1943-02-23	
	1943-05-04	
Willem Hazenberg + Fokke		Seilmakker
Gemeinschaftslager D.A.F. 5	Siebe Winselaar	Kantoorbediende?
Vegesack	Lager 2A, Barak 7, Stube 81	
Bremen-Grohn	Neuendorf by Brandenburg.	
18 brieven:	6 brieven:	
1942-10-18	1943-01-19	
1942-11-01	1943-01-30	
1942-11-23	1943-02-11	
1942-11-29	1943-02-19	
1942-12-06	1943-03-07	
1942-12-13	1943-08-29	
1943-01-18		
1943-01-23	Wa fan de ploeg binne yn Grou?	
1943-02-06	Jelle Berkepas	
1943-02-20	Jan Bokma	
1943-02-27	Eelke Tolman	
1943-03-06	Pier Riemersma	
1943-03-28		

Oer de inhâld fan de brieven:

Ik lê as earste de brieven fan Henk de Jong. Hy sit yn Mayen in plak in eintsje west fan Koblenz. Hy skriuwt dat der 26.000 ynwenners binne. Hy hat der in eigen keamer en it is der goed fan iten en drinken. Hy fermakket him der ek goed. Der binne 4 bioscopen en in theater. Hy wurket as bûtermakker op in Molkerei en kenlik betellet it wol goed want hy giet mei de trein nei Tiede de Jong, dy't ek yn Dútslân oan it wurk is. De reis is 640 km en kostet hûndert gonne. Hy hat der ek in famke en neamt har in 'Zwartje'. De merke duorret 14 dagen en der steane 55 atraksjes. Mei de krystdagen 1942 is er thús west.

Siebe Winselaar sit yn Neuendorf dat is no in wyk fan Brandenburg. Hy sit yn in barak mei 13 man. Allegeare kantoorbedienden. Se ha it net min fan iten en drinken, mar it is wol op rantsoen. Se krije soms net folle iten, se moatte wol ris in dei oerslaan. It smakket wol goed. Se meitsje lange dagen fan 12 ûren en omdat der soms te min wurk is, ferfele se harrene ek wol. Siebe seit ek dat se net folle sliep krije. Nei de film yn Brandenburg is harren faaks te fier. In

ûre rinnen omdat de trein ûnregelmjittich riidt. Yn de kantine is soms ek in film mar dy hat in soad propaganda. Dus geane se der net altyd hinne. Der is op it wurk wol in grutte bibliotheek wêr't se boeken liene kinne.

Willem Hazenberg sit as seilmakker yn Bremen-Grohn. Mei elke brief docht er ek de groetnis fan Fokke. Dy is dêr dus ek. Is dat Fokke Bloemsma? Se keapje sels in kear jirpels, omdat it sop en de pelkartoffelen ferfeelt. Se litte se by de baas siere. De meid fan de baas keapet 10 poun drûven foar harren. Inkelde Ljouwerters ûnder de fyftjin maten, hiene in poun moal meinommen. De meid hat der yn boerebûtter pankoeken fan bakt. Se ha smuld.

It hat der om hongen mar Willem Hazenberg is mei de krystdagen dochs thús west. Harren baas hat der slim syn bêst foar dien. As Willem skriuwt "het gaat maar best" dan slacht dat op de prestaasjes fan de alliearde legers. Fierder giet er der dan fansels net op yn. De baas tractear't soms ek. Ien kear doe't se op sneon in trein losse moasten. Dat tractearen is foaral op drank.

Fokke en Douwe [Bloemsma?] lizze in wike as fiif yn in sikenhûs. Kenlik mei Fokke nei hûs mei sykteferlof en de baas seit dat as er net werom komt, de oaren net wer mei ferlof meije.

Oer it algemien stiet der net folle bisûnders yn al de brieven. Se betankje foar de brieven dy't se krigen ha, se fertelle oer it iten en sliepen, de bioscoop, in inkelde kear in reis nei doarpsgenoaten, oer de hope op ferlof, dat se har freonen misse en dat de groetnis dien wurde moat oan âlders en freonen.

De oare jonges sliepe yn barakken yn groepssealen. It iten smakket oer generaal wol goed, mar it is meast wol op rantsoen. Se ha dan wol de gelegenheid om yn it wykein wat ekstra iten te keapjen. It lean wiksel't nochal. Ik tink dat Henk dan wer it measte fertsjinnet.

As se siik binne of sa, kinne se nei dokter en wurde soms ek opnommen yn in sikenhûs. Sels sykteferlof om nei hûs te kinnen, wurdt tastien. Se kinne yn it wykein ek reizgje en sykje dan soms doarpsgenoaten op.

Yn '43 meije der in hiel stel mei ferlof nei Grou. Se geane dan wol werom nei har wurk yn Dútslân.

Yn july '43 ferbaast Johannes him der oer dat se noch frij reizgje meije, mar as jo tichte by de grins komme, wurdde jo ynrekkene, skriuwt er.

Piet Pietersma, Piet Zijlstra, Tiede de Jong, Geert, Jetze Brouwer, Johan Visser wurde neamt as jonges dy't ek yn Dútslân sitte. Soms tichteby.

Oer bombardeminten wurdt net folle skreaun, mar se sitte meast ek net yn de steden sels. Se neame it 'terreuraanvallen'.

Oer de Dútske famkes wurdt ek ien en oar skreaun. Se drinke like folle as de jonges en út de brieven krije jo de yndruk dat se nochal frij binne. Der wurdt ek skreaun dat de bosken tichteby binne.

NB: Fotokopieën van de brieven zijn in het bezit van het Historisch Centrum Leeuwarden